

Rapportazje:
**Taalsosjologyske Survey: 'Taal yn
Fryslân, de folgjende generaasje'**

Edwin Klinkenberg
Fryske Akademy, Juny 2017

H1: Ynliding

Yn dit dokumint wurdt koart ferslach dien fan de fjirde taalsosjologyske survey, dy't útfierd is tusken 2015 en 2017. Dizze fjirde taalsosjologyske survey folget op trije eardere taalsosjologyske surveys dy't útfierd binne troch de Fryske Akademy. Fan dy trije surveys wurdt ferslach dien yn "*De Friezen en hun taal*" (Pietersen, 1969), "*Taal yn Fryslân*" (Gorter et al, 1984) en "*Taal yn Fryslân, op 'e nij besjoen*" (Gorter & Jonkman, 1995). Njonken de trije besteande taalsosjologyske surveys moatte hjir ek de trije saneamde fluchhifkings neamt wurde dy't útfierd binne troch de provinsje Fryslân yn 2007, 2011 en 2015 (Provinsje Fryslân, 2007; 2011; 2015).

Mei de Fryske taalsosjologyske survey wurdt ûndersyk dien nei de steat fan it Frysk yn Fryslân. Yn it ûndersyk dat dêrfoar dien wurdt stiet net de Fryske taal, mar de ynwenner fan Fryslân, de Fries, sintraal. It ûndersyk moat antwurd jaan op in tal fragen dy't ôflaat binne fan de haadfraach, "Hoe is it mei it Frysk?". Yn de trije foargeande surveys is de steat fan it Frysk opdield yn fjouwer aspekten, dy't ek yn dit ûndersyk sintraal stean. Dit binne:

- Taaleftergrûn; "Wat hat immen as bern it alderearst praten leard?",
- Taalbehearsking; "Hoe goed kin immen it Frysk ferstean, prate, lêze en skriuwe?",
- Taalgedrach; "Hokker taal brûkt immen thús en ûnderweis yn Fryslân?",
- Taalhâlding; "Hoe wichtich is it Frysk foar ien?".

Troch de fokus op dy fjouwer aspekten te lizzen, kinnen de útkomsten fan de nije survey en de foargeande surveys maklik ferlike wurde. Foar dizze survey binne in stikmannich fragen en stellingen út de foargeande surveys brûkt, foarsafier't dy hjoed-de-dei noch brûkber binne. Dêrneist binne in stikmannich nije fragen ûntwikkele om de aspekten fan it deistich libben fan hjoed yn kaart te bringen. Soks giet benammen om it brûken fan sosjale media, in saak dy't sûnt it begjin fan dizze iuw sterk yn opkomst is.

Foar de ynterpretaasje en de oantsjutting fan de resultaten sil earst in skets jûn wurde fan de meast wichtige ûntjouwings om it Frysk hinne. It giet dêrby om de ûntjouwings yn de offisjele status fan it Frysk en om de meast wichtige maatskiplike ûntjouwings dy't fan ynfloed west hawwe kinne op it Frysk. De útkomsten fan it ûndersyk sille taljochte en ynterprearre wurde yndachtich dy ûntjouwings.

Dizze rapportaasje hat de folgjende yndieling. Yn haadstik 2 wurdt yngien op de ûntjouwings om it Frysk en Fryslân hinne. Yn haadstik 3 wurdt koart yngien op de ûndersyksopset. Yn haadstik 4 oant en mei 7 wurdt yngien op de fjouwer boppesteande aspekten. Ta beslút wurdt yn haadstik 8 in stikmannich foarriedige konklúzjes formulearre.

H2: De Fryske Kontekst

2.1 Status fan it Frysk

It is net it doel om yn dizze rapportaazje alle relevante saken te beneamen dy't fan ynfloed west hawwe op de offisjele status fan it Frysk en de ûntjouwings dêryn. Sosjologysk besjoen hat it Frysk sûnt de fêststelling fan de earste offisjele stavering yn 1879 in nijsgjirrich emansipaasje proses trochmakke. De feroaringen yn de offisjele status fan it Frysk kinne beskôge wurde as saneamde markearringen fan it fierder trêdzjen fan dit emansipaasje proses. Sûnder folslein wêze te wollen kinne in stikmannich fan dy mominten neamd wurde:

1879	- Earste offisjele Fryske stavering,
1924	- Oprjochting Algemiene Fryske Underrjochtkommisje (Afûk),
1938	- Oprjochting Fryske Akademy,
1955/1956	- Offisjele erkenning fan it Frysk foar it brûken yn it ûnderwiis en de rjochtbank,
1970	- Commissie Friese Taalpolitiek (Kommisje van Ommen),
1980	- Frysk ferplicht fak yn it primêr ûnderwiis,
1993	- Frysk ferplicht fak yn de earste klassen fan it fuortset ûnderwiis,
1995	- Frysk akseptearre as offisjele bestjoerstaal njonken it Nederlânsk,
2014	- Frysk offisjeel erkend as twadde rykstaal.

De offisjele erkenning yn 2014 jout it Frysk yn Fryslân formeel in likernôch lykwaardige posysje as it Nederlânsk. It fierder trêdzjen fan it emansipaasje proses yn de ôfrûne 150 jier is it gefolch fan aksjes en inisjativen fan ferskate yndividuën, groepen en organisaasjes. De erkenning en it behâld fan it Frysk hat yn dy jierren it doel west fan ferskate maatskiplike en politike organisaasjes, lykas de Ried fan de Fryske Beweging en de Provinsjale Steaten. Ek hjir is net it doel om in folsleine werjefte te jaan fan alle organisaasjes dy't har op it mêd fan it Frysk dwaande hâlde/holden hawwe. Wat hjir wol koart neamd wurde moat is de spesifike rol dy't Provinsjale- en Deputearre Steaten hân hawwe yn dit proses. De Provinsje Fryslân is sûnt desennia ek beliedsmjittich aktyf op it mêd fan de Fryske taal, kultuer en ûnderwiis. De Provinsje Fryslân hat bygelyks as ien fan de earsten in taalbelied opsteld foar de eigen organisaasje en sjocht ta op en stipet it neilibben fan it "Europeesk hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden" troch de gemeenten yn Fryslân. Dit hânfêst is it wetlik kader foar it belied foar it befoarderjen en it beskermjen fan regionale talen en talen fan minderheden. Ofspraken tusken Ryk en de Provinsje Fryslân hjiroer binne opnommen yn de "Bestjoersoerienkomst Fryske Taal en Kultuer 2013-2018 (BFTK).

De Provinsje Fryslân hat fierder belied ûntwikkele om fan de widze ôf it brûken en it bewust wêzen fan it Frysk te stimulearjen. In foarbyld hjirfan is it taalkado (it eardere taaltaske) foar jonge heiten en memmen mei ynformaasje oer meartaligens en it meartalich opfieden fan bern. Elkenien dy't yn Fryslân in bern nei de berte oanjout by de gemeente foar ynskriuwing yn it befolgingsregister ûntfangt dit taalkado. Op it mêd fan it ûnderwiis hat de Provinsje Fryslân soarge foar Fryske taalmetoaden en (Cito)

toetsen dy't skoallen brûke kinnen om it fak Frysk foarm te jaan en foar mooglikheden om it Frysk te ferbetterjen of om te skeakeljen nei trijetalich ûnderwiis.

Ek hat de Provinsje Fryslân in hiele protte projekten betocht en stipe. Foarbylden hjirfan binne it ûnderwiismateriaal en de (digitale) taalhelpmiddels dy't ûntwikkele binne om it learen en it brûken fan it Frysk te stimulearjen, lykas de folweardige Fryske taalmetoade Studio-F (2004) en syn digitale opfolger Spoar 8, dy't brûkt wurde yn it primêr en sekondêr ûnderwiis. Foar de foarskoalske perioade stipet de Provinsje Fryslân sûnt 1996 it Tomke-projekt. Tomke, "de meast ferneamde pjut fan de provinsje", wurdt op pjutteboartersplakken, berne-opfang en op Omrop Fryslân brûkt om it brûken en de ûntjouwring fan it Frysk by pjutten te stimulearjen en by heiten en memmen it bewust wêzen fan it Frysk te fergrutsjen. Foar de stimulearring fan it brûken fan it Frysk yn it algemien is mei stipe fan de Provinsje Fryslân in digitaal platfoarm mei taalhelpmiddels ûntwikkele. Dit saneamde "Taalweb Frysk" bestiet út, ûnder oaren it Frysk hânwurdbboek en in staveringshifker, dy't beide ek fergees download wurde kinne.

It belied fan de Provinsje Fryslân is al desennia rjochte op it fergrutsjen fan it bewust wêzen en de akseptaasje fan it Frysk en it stimulearjen en styppen fan it brûken fan it Frysk. Wat it earste part oanbelanget, kin wol konkludearre wurde dat dit aardich slagge is en dat it Frysk, erkend as twadde rykstaal, hjoed-de-dei mear en mear ûnderdiel is fan it publike en formele fermidden. Wat net dúdlik is, is it effekt dat it belied (hân) hat op it brûken fan it Frysk. Hjir kin wol wat oer spekularre wurde as sjoen wurdt nei de maatskiplike ûntjouwings fan de ôfrûne 30 - 50 jier. Hjir wurdt koart op yngien yn de folgjende paragraaf.

2.2 Maatskiplike ûntjouwings

It emansipaasjeproses fan de Fryske taal, fan de earste offisjele stavering oant de offisjele erkenning, hat plak fûn yn in maatskiplike kontekst dy't oanhâldend feroare is. Dy maatskiplike feroaringen hawwe bydroegen oan in klimaat dêr't de posysje fan it Frysk him ûntwikkele koe. Foar in part rint it emansipaasjeproses parallel mei de emansipaasje fan de boarger en de tanimmende yndividualisearring en globalisearring.

De maatskiplike feroaringen op it mêd fan polityk, ûnderwiis, ekonomy en mienskip dy't hjir neamd wurde moatte, binne:

- 1901** - Ynfiering learplicht,
- 1917** - Algemien kiesrjocht foar manlju,
- 1919** - Algemien kiesrjocht foar froulju,
- 1932** - Oanlis Ofslútdyk,
- 1945** - Lânboumeganisaasje,
- 1980** - Digitale revolúsje,
- 2000** - Untstean sosjale media,
- 2010** - Yntroduksje "tûke telefoan".

Sûnder folslein wêze te wollen, lit dit listje sjen dat ek de Fryske mienskip yn de ôfrûne iuw hieltyd mear yn it teken stiet fan de yndividuele boarger. Dêrnjonken is Fryslân syn isolearre posysje sûnt 1932 mear en mear kwytrekke. Troch ekonomyske groei en ferbettering fan de ynfastruktuer wurdt it hieltyd mear mooglik om bûten Fryslân te wurkjen en yn Fryslân te wenjen. Dit jildt net allinnich foar Friezen, mar ek foar minsken dy't fan oare plakken út Nederlân nei Fryslân komme om te wenjen. It tal ynwenners yn Fryslân is sûnt 1967 groeid fan sawat 500.000 ynwenners nei sawat 640.000 ynwenners. Omkeard is it ek foar Friezen makliker wurden om te forinzen nei de rêst fan Nederlân. Groei op it mêd fan it heger ûnderwiis en de ekonomy hawwe ek soarge foar in tanimmend tal Fryske jongerein dat heger/universitêr ûnderwiis folget bûten Fryslân. Dy groep is sûnt ein jierren 70 substansjeel groeid.

It ferlies fan de relative isolaasje hat fansels effekt hân op it brûken fan it Frysk. Yn in isolearre mienskip (foar 1932) wie it brûken fan it Frysk op it Fryske plattelân de noarm. Yn dy tiid wie it mooglik dat ien yn it deistich libben hast net mei it Nederlânsk konfrontearre waard. It brûken fan it Nederlânsk wie mear beheind ta de Fryske stêden en it hegere maatskiplike fermidden, lykas de polityk en iepenbier bestjoer. De iennige situaasjes dêr't ien mei it Nederlânsk konfrontearre waard wie op basisskoalle, yn tsjerke en yn kontakt mei it iepenbier bestjoer. Om yn dizze tiid as Frysktalich bern op te groeien betsjutte dat de kâns grut wie dat ien net earder as mei seis jier, yn de earste klasse fan de basisskoalle, serieuus mei it Nederlânsk yn oanrekking kaam. Dy situaasje is hjoed-de-dei net mear tinkber. Yn dizze tiid is likernôch ûnmooglik foar heiten, memmen en pjutten om, fia de telefyzje, net mei it Nederlânsk konfrontearre te wurden. Ditselde jildt foar pjutteboartersplakken en de berne-opfang dêr't bern yn kontakt komme mei it Nederlânsk en mei Nederlânsktalige bern. Hjoed-de-dei is de taalsituaasje fan in seisjierrich bern net mear te ferlykjen mei in bern fan 60 – 70 jier wêrom.

Mei it each op de sketste maatskiplike ûntjouwings liket it wol in wûnder dat it Frysk noch bestiet en noch net fuortfage is troch it Nederlânsk. Dit is mei it gefolch fan de leafde en achting dy't in soad Friezen hawwe foar it Frysk. Dit besef is needsaaklik foar it fuortbestean fan it Frysk en wurdt oanhâldend ûnder oandacht brocht troch partijen lykas de Ried fan de Fryske Beweging en de Provinsje Fryslân. Sûnder in provinsjaal taalbelied en de romte dy't dêrtroch ûntstiet foar it Frysk yn it maatskiplik fermidden, en bygelyks op skoalle, soe de situaasje hjoed-de-dei noch wol slimmer west hawwe foar it Frysk. De delgong yn it brûken fan it Frysk, dy't troch it ferlies oan isolaasje foar de hân leit, is troch it provinsjaal belied en maatskiplike aksje faaks wol aardich ôfswakke.

H3: Undersyksopset

3.1 Stekproef

De metoade, dêr't de data foar dit ûndersyk mei sammele binne, wykt ôf fan de metoade brûkt yn foargeande trije taalsosjologyske surveys en de fluchhifkings fan de Provinsje Fryslân. Yn de foargeande surveys binne de data útslutend sammele troch *persoanlike ynterviews* dy't útfierd binne mei in sa represintatyf mooglike stekproef fan ynwenners fan Fryslân. Yn de trije fluchhifkings fan de Provinsje Fryslân binne de data útslutend sammele troch in papieren fragelist dy't omstjoerd is nei in represintatyf tal *adressen* yn Fryslân. Beide datasamling-modellen wiene foar dizze survey finansjeel net helber. Foar dizze survey is keazen foar in twa-treps stekproef dêr't earst data sammele wurdt troch in fragelist en dêrnei mei in lytsere stekproef troch persoanlike ynterviews.

Earste trep

Foar earste trep fan it ûndersyk binne 30.000 willekeurige adressen yn Fryslân oanskreaun en útnûge mei de oprop om mei te dwaan oan it ûndersyk troch it ynfoljen fan in ynternetfragelist. Dy oprop wie net op namme steld en inkeld ien persoan fan de húshâlding op it adres koe de fragelist ynfolje. Hjirfoar moast de persoan de unike koade brûke dy't meistjoerd wie yn de oprop om tagong te krijen ta de fragelist. It útstjoeren fan de útnûgingen is begelaat mei media-oandacht troch Omrop Fryslân. Spitigernôch wie it tal persoanen dat reagearre hat yn de opfolgjende wiken, leger as 10 prosint. De Provinsje Fryslân hat dêrom oanbean om in twadde oprop en útnûging te stypjen. Dêrnei is it responsersintaazje úteinlik sawat op 15 prosint útkaam.

By de start fan de fragelist waard de respondint frege yn hokker taal, Frysk of Nederlânsk, hy/sy de fragelist ynfolje woe. De respondinten dy't by de beânderjen fan de taalbehearskingsfragen oanjoegen it Frysk minimaal frij aardich te praten, waard oan de ein fan de fragelist in oanfoljende fraach steld. Sy waarden frege oft sy ree wiene om mei te dwaan oan de twadde trep fan it ûndersyk, it persoanlike ynterview. De respondinten dy't ree wiene om mei te dwaan, foarmje de stekproef foar de twadde trep. Yn totaal hawwe rom 3800 respondinten de fragelist folslein ynfolle en wiene rom 1500 respondinten ree om mei te wurkje oan de twadde trep fan it ûndersyk.

Twadde trep

Foar de twadde trep fan it ûndersyk is de stekproef fan Frysktaligen dy't foarme is út de earste trep beskikber. Ut dy stekproef binne 250 respondinten selektearre dy't in represintative ôfspegeling fan Fryslân foarmje wannear't sjoen wurdt nei gemeente, leeftiid en geslacht. Dy groep fan 250 respondinten is benadere foar in persoanlik ynterview yn de perioade novimber 2016 oant en mei maart 2017. Op it momint fan skriuwen fan dizze rapportaazje binne likernôch 225 fan de 250 ynterviewpetearen ôfnaam en ferwurke. Dizze groep respondinten kin beskôge wurde as in represintative groep Frysk-praters.

3.2 Fragelisten

Foar it ûndersyk binne in stikmannich fragelisten ûntwikkele. Foar it taalsosjologyske part fan it ûndersyk binne dat in fragelist en in ynterviewfragelist. De taalsosjologyske fragelist is ûntwikkele op basis fan de ynterviewfragelisten dy't yn de foargeande surveys brûkt binne. Trochdat de fragelist ôfnaam waard fia it ynternet, waard ynskat dat maksimaal 50 fragen steld wurde koene. Dêrom binne, yn earste ynstânsje, de fragen selektearre dy't it meast yndikatyf wiene foar de taalsosjologyske aspekten dy't ûndersocht waarden. Dêrneist binne in stikmannich nije fragen ûntwikkele foar it befreesjen fan it gedrach fan de respondinten op de sosjale media.

De ynterviewfragelist is ûntwikkele op basis fan de ynternetfragelist mei in stikmannich gelikense fragen. Dizze fragelist is útwreide mei ferdjipjende fragen dy't maklik brûkt wurde kinne yn in ynterview-kontekst.

Beide fragelisten binne, yn meardere sesjes, wiidweidich besprutsen en beoardiele troch de ûndersikers en in stikmannich kollega's dy't kunde hawwe fan fragelisten en it Frysk. Ek is de fragelist foarlein oan in wittenskiplike stjoergroep dy't foar dit ûndersyk ynsteld is. Dizze stjoergroep bestiet út ûndersikers dy't ekspert binne op it mêd fan taalsosjologyske surveys. Dêrnei is in stikmannich testôfnamen útfierd op persoanen dy't net by it ûndersyk belutsen wiene.

3.3 Beheiningen yn de analyze

Hoewol foarôf in stikmannich maatregels betocht binne om in sa represintatyf mooglike stekproef te krijen foar de ynternetfragelist, hat de lege respons dochs ynfloed hân op de wize hoe't de data analysearre wurde soene. It kin net útsluten wurde dat benammen respondinten dy't begien binne mei taal en it Frysk, earder de oanstriid fiele om mei te dwaan oan it ûndersyk. Dêrneist is it fansels logysk dat Frysktalige respondinten earder de oanstriid fiele om mei te dwaan oan it ûndersyk as Nederlânsktalige respondinten. Boppedat kin ferwachte wurde dat âldere generaasjes faker dielnimme oan fragelist ûndersyk dan jongerein. Dat wie yn it gefal fan dit ûndersyk net oars. Oars sein, âlderen en Frysktaligen binne oerfertsjintwurdige yn de realisearre stekproef fan de ynternetfragelist. De konsekwinsje hjirfan is dat in weagingsmodel brûkt wurde moat om ta in sa represintatyf mooglike stekproef te kommen.

Op it momint fan skriuwen fan dizze rapportaazje is it noch net slagge om in optimale en stabile weaging te ûntwikkeljen. In stikmannich weachfarianten binne ûndersocht en sille noch fierder útwurke wurde. It basisidee fan it weachmodel komt oerein mei de weaging sa as dy tapast wurdt yn de fluchhifkingen fan de Provinsje Fryslân (Provinsje Fryslân, 2007). Mear ynformaasje oer de weachfarianten sil ein 2017 beskikber komme. Foar no is it saak om behoedsum om te gean mei de resultaten fan it ûndersyk. Yn dit gefal is it dúdlik dat hjir sprake is fan in saneamde positive of nei boppe rjochte bias op it mêd fan it Frysk. Dit betsjut dat útkomsten kleure binne yn it foardiel fan it Frysk.

As it mooglik en needsaaklik is, sille by de analyze anonime kasussen út de ynterviews brûkt wurde om de útkomsten te yllustrearjen en te tsjuten.

H4: Taaleftergrûn

Foarôfgeand oan de útkomsten oer de taaleftergrûn moat oanjûn wurde dat gjin skatting jûn wurde kin fan it persintaazje Frysktaligen ûnder de ynwenners fan Fryslân. De gearstalling fan de stekproef jout gjin ynformaasje foar in reële skatting fan it oandiel Frysk of Nederlânsktaligen ûnder de ynwenners fan Fryslân. De thústaal fan in ynwenner wurdt net registrearre yn de befolkingsadministraasje. Mei de ûntwikkeling fan in optimaal weagingsmodel sil ein 2017 besocht wurde in falide en betroubere skatting fan it oandiel Frysk- en Nederlânsktaligen te jaan.

4.1 Eftergrûn

De ynternetfragelist is ynfolle troch 3836 respondinten, 1880 froulju (49 prosint) en 1956 manlju (51 prosint). Yn tabel 4.1 wurdt de ferdieling fan geslacht nei leeftiidsgroepen fan tweintich jier jûn en it berteplak fan de respondinten. Oan it tal respondinten yn alle leeftiidsgroepen (kolom 4) is dúdlik te sjen dat de âldere respondinten boppe de 50 jier oerfertsjintwurdige binne yn de stekproef. Dit liket benammen te jilden foar de manlju boppe de 70 (sjoch kolom 3). Fierders falt út tabel 4.1 op te meitsjen dat 75 prosint fan de respondinten berne is yn Fryslân en 98 prosint bûten Fryslân.

Tabel 4.1: Geslacht, Leefiid en berteplak (yn %)

	Frou	Man	Totaal	Berteplak	%
< 30	4	3	7	Yn Fryslân	74
30-49	16	11	27	Bûten Fryslân	24
50-69	23	28	51	Bûtenlân	2
70>	6	9	15	Totaal	100
Totaal	49	51	100		

Tabel 4.2 jout in oersjoch fan de taal dy't de respondinten thús as bern it alderearst praten leard hawwe. By it ynfoljen fan de fragelist wie it foar de respondinten mooglik om meardere talen oan te jaan. Dit binne de respondinten dy't yn in twa- of meartalige húshâlding opgroeid binne en is ek de reden dat it totaal tal respondinten yn tabel 4.2 (n = 4495) heger is as it totaal tal respondinten dat meidien hat oan it ûndersyk.

Tabel 4.2: Earste taal / taalgroep (n = 4495) (yn %)

Earste taal	%	Taalgroep	%
Frysk	52	Frysktalich	32
Nederlânsk	36	Nederlânsktalich	22
Stedsk	5	Beide taalgroepen	45
Biltsk	1	Oars	1
Stellingwerfsk	1		
Oars	5		

Wat fierder op te meitsjen falt út tabel 4.2 draait om de fraach ta hokker taalgroep in respondent himsels/harsels rekkenet (kolom 5-7). Rom 30 prosint fan de respondenten rekkenet himsels/harsels ta de Frystaligen. Opfallend hjirby is dat in mearheid fan 45 prosint fan de respondenten himsels/harsels rekkenet ta beide taalgroepen. Dit jout oan dat de Frysktaligen skynber pragmatysk mei dit soarte fan fragen omgean en faaks yn de rin fan de jierren mear fan har twataligens bewust binne. Fansels sil dit ek it gefal wêze foar Nederlânsktaligen dy't it Frysk as twadde taal leard hawwe. Foarút rinnend op de útkomsten op it mêd fan Taalgedrach moat hjir ek ferwiisd wurde nei tabel 6.1 dy't sjen lit dat it Frysk as thústaal yn de survey fan 2016 ûnder de 50 prosint sakke is.

Tabel 4.3: Leeftiid Nederlânsk leard (n = 2224) (yn %)

Leeftiid	%	Fan wa leard	%
jonger as 6 jier	51	Heit/mem	32
tusken 6 en 12 jier	46	Famylje	17
tusken 13 en 20 jier	2	Freonen	18
âlder as 21 jier	1	Skoalle/ kursus	82
		oars	5

De respondenten dy't oanjûn hawwe it Nederlânsk net as earste taal leard te hawwen, is frege wannear't sy Nederlânsk praten leard hawwe. De útkomsten fan dy fraach wurde werjûn yn tabel 4.3. Wat opfalt yn tabel 4.3, is dat 46 prosint (kolom 2) fan de respondenten oanjout it Nederlânsk praten leard te hawwen tusken de 6 en 12 jier. Dy groep bestiet foar it grutste part út respondenten âlder as 50 jier (sifers hjir net presintearre) dy't berne binne oant ein jierren '60, doe't de telefyzje noch net yn opkomst wie. Fan dy tiid ôf, begjin jierren '70, komme dribbelmantsjes, pjutten en beukers hieltyd mear yn kontakt mei it Nederlânsk.

In oare groep Nederlânske taallearders dy't foar dizze rapportaazje net fan belang binne mar wol opnommen binne yn de sifers yn tabel 4.3, binne inkelde (adopsje)bern en adolessinten dy't fan it bûtenlân ôf nei Fryslân kaam binne.

4.2 Hjoeddeistige omjouwing

Om in mear folslein byld te krijen fan de taalêftergrûn fan de respondenten wurdt ek sjoen nei de taalsituaasje yn it hjoeddeistige libben fan de respondent. Njonken de taal thús is ek frege nei de taal yn de strjitte/buert en de taal dy't praat wurdt mei buorlju en oft ien mei de bêste freonen en kunde deselde taal praat. De útkomsten fan dy ferliking wurde werjûn yn tabel 4.4.

Ut tabel 4.4 falt op te meitsjen (kolom 6) dat de respondenten yn it algemien mei freonen en kunde deselde taal prate as dat sy thús prate. Dit effekt liket wat sterker te wêzen (sifers hjir net presintearre) foar de Frysktaligen as foar de Nederlânsktaligen. Wat út tabel 4.4 fierder opfalt is it feit dat fierwei it grutste part fan de respondenten oanjout Frysk mei de buorlju (kolom 4) te praten en dat Frysk de taal is dy't yn de strjitte (kolom 3) en mei de partner (kolom 2) it meast praat wurdt. Ek wannear't rekken

holden wurdt mei in positive bias, dan is it dúdlik dat it Frysk noch in aardich plak ynnimt yn de Fysyke thús- en buertsituaasje.

Tabel 4.4: Taal yn deistich libben (yn %)

Taal	Echtgenoot/partner	Strjitte	Buorlju		Freonen en kunde
Frysk	49	54	57	Ja	84
Nederlânsk	41	37	36	Nee	16
Oars	10	9	7		
	100	100	100		100

Ynformaasje út de ynterviews

Hoewol't foar de útkomsten oangeande de taaleftergrûn noch gjin direkt fergelyk mei de oare surveys jûn wurde kin, soe ien ferwachtsje kinne dat it oandiel Frysk yn de direkte omjouwing/strjitte/buert fan de respondinten oer de tiid hinne tebekrint. Fansels is dit ek foar in part it gefal dat te krijen hat mei in groeiende migraasje fan Nederlânsktaligen nei Fryslân. Yn in part fan de ynterviews falt op dat dit yn gelikense mjitte foar Fryslân jildt. Benammen yn Ljouwert en yn it noardeasten fan Fryslân wurdt troch meardere respondinten oanjûn dat it Frysk en it Nederlânsk tanimme wannear't sy de ferliking meitsje mei eartiids. Skynber is dit it gefolch fan it ferdwine fan lokale dialekten en regiotalen lykas it Ljouwertersk, Dokkumersk en it Pompstersk. It liket wierskynlik dat dit it gefolch is fan regionale migraasje: dêrtroch wurde bepaalde gebieten mear befolke troch Frysktaligen en Nederlânsktaligen.

H5: Taalbehearsking

De ynformaasje oer de taalbehearsking is, lykas yn foargeande surveys en de provinsjale fluchhifkings, basearre op de selsbeoardieling fan de respondinten. De sifers oer de behearsking wurde jûn yn tabel 5.1. Foar it histoarysk perspektyf binne de sifers op in rychje set mei de sifers út de eardere surveys en fluchhifkings. De behearsking fan it Frysk draait om it *ferstean*, *praten/sprekken*, *lêzen* en *skriuwen*. De histoaryske sifers binne berekkene út de beskikbere data en publikaasjes. Om metodologyske redenen is sjoen nei oare antwurdkategoryen as dien wurdt yn de rapportaazjes fan de fluchhifkings. Yn tabel 5.2 wurde de persintaazjes jûn fan de respondinten dy't it Frysk "Hiel Maklik" of "Goed" behearskje. Yn eardere rapportaazjes waarden de kategoryen "Hiel Maklik", "Goed" en "Frij Aardich" faak tegearre naam as maat foar de behearsking fan it Frysk. De reden dat dit hjir net dien wurdt is dat de kategory "Frij Aardich" faaks as frijbljuwend beskôge wurdt troch de trochsneed respondint. Dit soe in grut effekt hawwe kinne op de positive bias dy't opsletten sit yn de selsbeoardieling fan de respondint.

Ut tabel 5.1 binne in stikmannich opfallende saken op te meitsjen. As earste is dat it ferstean fan it Frysk (rigel 4) yn de ôfrûne 60 jier stabyl boppe de 80 prosint liket te bliuwen. Dit betsjut dat in grutte mearheid fan de respondinten oanjout it Frysk op syn minst goed te ferstean. Foar it sprekken is it dúdlik dat dit fan 1969 ôf tebekrint, benammen wannear't de útkomsten fan 2016 (kolom 9) ferlike wurde mei 1994 (kolom 4). Hjir wurdt op 'e nij warskôge foar de positive bias dy't opsletten sit yn dizze útkomsten. It is net ûntinkber dat it persintaazje yn 2016 net 70 is mar 5 prosint leger wêze moat. Hjir kin wol konkludearre wurde dat de útkomsten út 2016 sawat fan deselde hichte binne as de provinsjale fluchhifkings út 2007, 2011 en 2015 (kolom 5-7).

Tabel 5.1: Behearsking fan it Frysk (1969-2016)(yn %)

	Survey			Fluchhifking			Survey
	1969	1984	1994	2007	2011	2015	2016*
Ferstean							
<i>Hiel Maklik – Goed</i>	90	85	87	84	84	85	89
Sprekke							
<i>Hiel Maklik – Goed</i>	91	62	91	63	64	65	70
Lêze							
<i>Hiel Maklik – Goed</i>	45	34	34	45	48	51	59
Skriuwe							
<i>Hiel Maklik – Goed</i>	12	2	4	9	11	14	19

*De persintaazjes binne sterk ôfhinklik fan it weagingsmodel

Ut tabel 5.1 falt fierder op te meitsjen dat it lêzen en it skriuwen fan it Frysk fan 1994 ôf, tsjin de ferwachting yn, foarútgiet. It persintaazje respondinten dat sels oanjout it Frysk "Goed" en "Hiel Maklik" te lêzen en te skriuwen nimt, oer de jierren hinne, opfallend ta. De fraach dy't hjir steld wurde moat is oft de persepsje oangeande it lêzen en skriuwen fan 2007 ôf oerienkomt mei perioade foarôfgeand oan

2007. It leit foar de hân om te tinken dat de eigen persepsje op it mêd fan it lêzen en skriuwen feroare is sûnt de digitale revolúsje yn de jierren 90 fan de foarige iuw. Troch it brûken fan kompjûter en “tûke telefoan” en de yntroduksje fan e-mail en sosjale media is it lêzen en skriuwen hieltyd wichtiger wurden. Oan de iene kant is de lê- en skriuwfrekwinsje faaks heger as foar 1994 en oan de oare kant is it lêzen en skriuwen feroare. Troch de yntroduksje fan messengers lykas SMS en WhatsApp is it lêzen en skriuwen tichterby it praten kaam. Hjirtroch soe it wêze kinne dat de bangens om te skriuwen foar minsken dy’t net wend binne om in soad te lêzen en te skriuwen, minder wurden is. It skriuwen kin sa sjoen wurde as it nije praten. Foarútrinnend op de útkomsten oangeande it brûken fan it Frysk op sosjale media kin hjir al oanjûn wurde dat de respondinten in dúdlik ûnderskied meitsje tusken it skriuwen fan in WhatsAppke en in “tradisjonele” e-mail. Dit kin in bepalende faktor wêze yn de feroaring fan de persepsje fan in respondint wannear’t it giet om de beoardieling fan de eigen skriuwkapasiteiten.

De respondinten dy’t neffens har eigen beoardieling it Frysk net behearskje, is frege wat dêrfoar de wichtichste reden wie. It giet hjir sawol om it ferstean, sprekken, lêzen en it skriuwen fan it Frysk. Yn tabel 5.2 wurdt dúdlik dat de meast rapportearre reden is dat ien it Frysk net nedich hat om yn Fryslân wenje en/of wurkje te kinnen (13 prosint). Dit liket fanselssprekkend, mar yn haadstik 6 wurde in pear foarbylden jûn dêr’t de aktive en passive behearsking fan it Frysk troch de wurksituaasje ôftwongen wurdt. Wat fierder opfalt is dat in soad (sifers net presintearre) Frysktaligen/ Fryskpraters oanjouwe it Frysk net skriuwe te kinnen en it ek net nedich te hawwen yn it deistich libben.

Tabel 5.2: Reden net behearskjen fan it Frysk (n = 1216)

		%
<i>“Wenje hjir te koart”</i>	99	3
<i>“Kom nea mei it Frysk yn kontakt”</i>	69	2
<i>“Net nedich om Frysk te kinnen”</i>	486	13
<i>“Gjin ynteresse”</i>	278	7
<i>“Gjin tiid om Frysk te learen”</i>	149	4
<i>“Te dreech”</i>	93	2
<i>“Bang om flaters te meitsjen”</i>	172	5
<i>“Oars”</i>	386	10

Wat fierder út tabel 5.2 bliken docht is dat de antwurdkategory “Oars” troch 10 prosint fan de respondinten keazen wurdt. Dy respondinten is frege wat de reden wie en hjirút komme rûchwei twa soarten opmerkingen. It meast wurdt troch de respondinten neamd dat it net behearskjen fan it Frysk benammen slacht op it skriuwen en dat hja it net op skoalle leard hawwe of nea muoite dien hawwe om it te learen. De twadde reden referearret mear nei de emoasje dat ien it gefoel hie dat de taal optwongen wurdt of dat Frysktaligen te kritysk wiene as ien besocht om Frysk te learen.

Ut de ynterviews mei de Frysktaligen wurdt fierder dúdlik dat in soad respondinten fan miening binne dat sy (mear) Fryske les op skoalle wollen hiene. In inkelde respondint, benammen út de jongere

kategory, jout oan wat Fryske les op skoalle hân te hawwen, mar de measten binne fan miening dat as sy al les krigen hiene, dit fierstente min wie.

H6: Taalgedrach

Under taalgedrach wurdt hjir ferstien it brûken fan it Frysk yn de praktyk fan it maatskiplik libben. As earste wurdt sjoen nei it brûken fan it Frysk thús yn de eigen húshâlding. As twadde giet it om it brûken fan it Frysk op it wurk. De sifers út it ûndersyk wurde sa goed as mooglik yn fergeliking brocht mei de sifers út de foargeande surveys.

Taal thús

Ynformaasje oer de thústaal is ûnder oaren wichtich foar it ynskatten fan it hjoeddeistich brûken fan it Frysk. Dêrom is direkt oan de respondinten frege hokker taal oft it meast praat wurdt yn de húshâlding. It giet hjir om de thústaal en de taal dy't praat wurdt mei de bern. De útkomsten binne ôf te lêzen yn de twa neikommende tabellen 6.1 en 6.2.

Tabel 6.1: Thústaal (yn %)

	Survey				Ynterview
	1967	1980	1994	2016	
					2017
Frysk (en Nederlânsk of in oare [streek]taal)	71	56	55	49	77
Nederlânsk (inkeld)	13	33	34	41	17
Streektaal	16	11	10	10*	6*
Totaal	100	100	100	100	100

* ynklusyf oare talen

De útkomsten yn tabel 6.1 meitsje dúdlik dat it brûken fan it Frysk thús fan 1967 ôf tebekrint. Dêr't yn 1967 (kolom 2) 71 prosint fan de respondinten noch Frysk thús prate is dat yn 2015 (kolom 5) tebekrûn nei 49 prosint. Under allinnich de Frysktalige respondinten út de ynterviews (kolom 7) is ôf te lêzen dat rom trijekwart fan de respondinten oanjout thús it Frysk te brûken.

Tabel 6.2: Taal tsjin de bern (yn %)

	Survey			Ynterview
	1980	1994	2016	
				2017
Frysk	58	53	50	74
Nederlânsk	34	39	44	25
streektaal	8	7	6*	1*
Totaal	100	100	100	100

* ynklusyf oare talen

De útkomsten yn tabel 6.1 meitsje dúdlik dat it Frysk praten tsjin de bern fan 1980 (kolom 2) ôf tebekrint en it brûken fan it Nederlânsk tanimt. Dêr't yn 1980 noch in dúdlike mearheid wie dy't Frysk tsjin de bern

prate, is dat no net mear as de helte. Under allinnich de Frysktalige respondinten út de ynterviews (kolom 7) is ôf te lêzen dat rom trijekwart fan de respondinten oanjout Frysk tsjin de bern te praten.

In wichtige fraach is oft de bern it Frysk ek weromprate. Earder ûndersyk (Driessen, 2016) jout oan dat bern it Frysk hieltyd minder weromprate en dat de kâns reëel is dat it Frysk binnen twa generaasjes ferdwûn is. Om dit ferskynsel te ûndersykjen is de respondinten frege wat harren bern weromprate. De respondint koe dit oanjaan op in fiifpuntsskaal dy't rint fan "Altiten" oant "Noait". De útkomsten fan dy fraach wurde werjûn yn tabel 6.3. Ut de tabel falt op te meitsjen dat 50 prosint fan de respondinten Frysk prate mei harren bern (rigel 3, kolom 8). Dit komt oerien mei ynformaasje út tabel 6.2. Fan dy 50 prosint fan de respondinten jout 42 prosint (rigel 3, kolom 3) oan dat harren bern "Altiten" Frysk weromprate en 4 prosint "Faak". Yn totaal kin dus sein wurde dat fan de 50 prosint fan de respondinten dy't Frysk mei harren bern prate in grutte mearheid ek oanjout dat de bern (hast) altiten Frysk weromprate. Dit jildt yn totaal foar 46 fan de 50 gefallen wat delkomt op 92 prosint.

Tabel 6.3: Taal tsjin bern en werom (yn %)

		<i>"Praat jo bern Frysk tsjin jo?"</i>					
		Altiten	Faak	Sa no en dan	Hast noait	Noait	Totaal
<i>"Wat prate jo Mei jo bern?"</i>	Frysk	42	4	2	1	1	50
	Nederlânsk	0	1	4	7	32	44
	oars	0	0	2	1	1	6
Totaal		42	5	8	9	36	100

* ynklusyf oare talen

Ut de ynterviews waard dúdlik dat, wat it taalgedrach oanbelanget, it net altiten foar de hân leit dat Frysktaligen thús ek Frysk prate. Fansels is hjir ek de taalkar fan de partner fan belang wannear't hy/sy bygelyks sels net Frysktalich is. In oare faktor yn de taalkar hat te krijen mei de kar om de bern bewust net yn it Frysk op te fieden. Hoewol't dit eartiids, yn de jierren '60, '70 en '80, mear oan de oarder wie komt dit hjoed-de-dei ek noch foar. Dat de taalkar net altiten foar de hân leit kin hjir yllustrearre wurde mei trije kasussen út de ynterviews.

Kasus: Pensjonearre pear yn Fryske stêd.

Dit pear, beide tige Frysk(talich), kaam ein jierren '60 te wenjen yn in Fryske stêd. Wylst sy ûnderinoar Frysk prate, hawwe sy dochs bewust keazen om de bern yn it Nederlânsk op te fieden. Neffens de respondint wie it yn dy tiid "not done" om yn de stêd it Frysk te brûken, net allinnich yn it sosjale ferkear, mar ek yn de opfieding fan de bern.

Kasus: Pear mei lytse bern

Frysktalige respondint út de provinsje moetet takomstige Frysktalige partner op in universiteit bûten Fryslân. De earste kontakten ferrinne yn it Nederlânsk en dat bliuwt sa, want Frysk praten

fielt net goed. Hjoed-de-dei wenje sy wer yn Fryslân, mar prate ûnderinoar en tsjin de bern Nederlânsk.

Kasus: Mem yn grutte stêd

Frysktalige respondint dy't sels opfied is yn it Frysk wurdt konfrontearre mei har âldste bern dat yn de twadde groep fan de basisskoalle ynienen Nederlânsk begjint te praten. It bern hâldt dit fol en begjint sels thús Nederlânsk te praten en wegeret fierder om Frysk te praten. Nei in perioade fan besykjen en praten beslút de mem om it bern te beleanjen mei snobbersguod sa lang as it bern Frysk praten bliuwt. Nei ferrin fan tiid praat it bern thús en mei famylje altiten Frysk en op skoalle Nederlânsk.

Dizze kasussen jouwe oan dat taalkar net altiten bewust en yn frijheid makke wurdt. Yn de earste kasus wie de sosjale drok om net foar it Frysk te kiezen te heech. De twadde kasus jout in moai foarbyld fan de emoasje dy't meispilet yn de taalkar en de tredde kasus jout oan dat de sosjale drok dy't útgong fan de skoalsituaasje thús posityf kompansearre wurde kin.

Taal op it wurk

It wurk is in wichtich fermidden yn it maatskiplik libben yn Fryslân. Hoewol't de fragen yn de trije foargeande surveys ferskillend steld binne, is yn 1994 konstatearre dat it Frysk op 'e wurkflier tebekrint. Yn de ynternetfragelist út 2015 is allinnich in algemiene fraach oer ôfspraken op it wurk steld en dy kin net maklik ferlike wurde mei de oare fragen. De fraach oer de taal dy't mei kollega's praat wurdt, is wol opnaam yn it ynterview. De útkomsten fan it ynterview binne ôf te lêzen út kolom 6 fan tabel 6.4. Fan de Frysktalige respondinten dy't wurksum binne, jout in grutte mearheid fan 88 prosint oan it Frysk yn kontakt mei kollega's te brûken. Fansels is Frysk net de iennige taal dy't troch dy groep brûkt wurdt, want 41 prosint fan dy groep jout oan it Frysk njonken it Nederlânsk te brûken. Inkeld in lytse minderheid fan de respondinten jout oan allinnich it Nederlânsk te brûken yn kontakt mei kollega's.

Tabel 6.4: Taal mei kollega's

	Survey				Ynterview
	1967	1980	1994		2017
Frysk	64	56	55		88
Nederlânsk	23	33	34		10
streektaal	16	11	10		2
Totaal	100	100	100		100

Ut de ynterviews waard fierder dúdlik dat fierwei de measte respondinten gjin negative ûnderfining hawwe mei it brûken fan it Frysk op it wurk. De redenen wêrom oft gjin Frysk brûkt waard op it wurk hat te krijen mei de aard en de lokaasje fan it wurk. In pear respondinten jouwe oan it Frysk net te brûken fanwegen in ynhâldlike legitieme reden. In pear oare respondinten hawwe harren wurkfermidden bûten Fryslân en brûke út fatsoen gjin Frysk, om't harren kollega's it Frysk net ferstean kinne.

Kasus: Professional finansjele tsjinstferliening

Frysktalige respondint wurket by in middelgrutte finansjele organisaasje mei benammen klanten út de agraryske sektor. De fiertaal op de wurkflier is Frysk sûnder talitting fan oare talen. It personiel wurdt achte om it Frysk binnen trije moannen op syn minst goed te ferstean. De respondint jout oan it Nederlânsk hjoed-de-dei op in leger nivo te behearskjen.

Kasus: Professional yn grutte soarchynstelling yn Fryske stêd

Frysktalige respondint wurket by in grutte soarchorganisaasje en jout oan al 25 jier sawat allinnich Frysk te praten op de wurkflier. Fansels wurdt mei Nederlânsktalige klanten Nederlânsk praat, mar de mearheid fan de dei wurdt troch it personiel Frysk praat. Fan nij personiel fan bûten Fryslân wurdt ferwachte dat sy muoite dogge om it Frysk te ferstean en op termyn te praten.

Taal yn it deistich libben

Lykas yn 1980 en 1994 is yn de ynterviews frege watfoar taal oft de Frysktalige respondint brûkt yn kontakt mei persoanen dy't hy/sy yn it deistich libben tsjinkomme kin. Hjir wurdt in ferliking makke mei de taal dy't brûkt wurdt yn kontakt mei de húsdokter en de ("fêste") winkel. Spitigernôch is in direkte ferliking oer de tiid hinne mei de ynterviews út 2017 net mooglik want dy binne allinnich útfierd ûnder Frysktaligen. De útkomsten binne ôf te lêzen yn tabel 6.5.

Tabel 6.5: Taal (yn %)

	Survey			Ynterview	
	1967	1980	1994	2017	2017–20
Húsdokter					
<i>Frysk</i>		52	46	43	44
<i>Nederlânsk*</i>		48	54	57	56
Totaal		100	100	100	100
Winkel					
<i>Frysk</i>	72	78	73	82	78
<i>Nederlânsk*</i>	28	22	27	18	22
Totaal	100	100	100	100	100

* Ynklusyf streek- en oare talen

De útkomsten út tabel 6.5 meitsje dúdlik dat it part fan de respondinten dat Frysk praat mei de húsdokter justjes ôfnimt tusken 1980 (kolom 3) en 1994 (kolom 4). De ynterviewde respondinten yn 2017 (kolom 6) is ek frege oft sy by harsels neigean koene wat sy 20 jier lyn (kolom 7) mei de húsdokter praten. Foar safier't de respondinten it har yn 't sin bringe koene, bestiet tusken hjoed en 20 jier lyn gjin ferskil yn wat sy mei de dokter en yn de winkel prate. Dit wie ek sa foar de oare persoanen dy't befrege

binne (data hjir net presintearre). Yn it algemien wurdt it meast Frysk brûkt mei persoanen dy't fan in legere sosjale status binne, lykas de assistinte fan de húsdokter en de assistinte fan de toskedokter, de postboade, de slachter en de bakker. It meast Nederlânsk wurdt, njonken de húsdokter, brûkt yn kontakt mei de toskedokter en de dominy. Benammen yn kontakt mei de dominy wurdt allinnich yn inkelde gefallen Frysk brûkt. De tsjerke liket dêrtroch it iennige maatskiplike domein te wêzen dêr't it Frysk noch net fanselsprekkend is. Inkeld foar in pear Fryksinnige dominys dy't yn Fryslân hikke en tein binne wurdt oanjûn dat sy it Frysk ek in prominint plak yn tsjerke jouwe. Ek jouwe de respondinten dy't hjiroer rapportearre oan, faker yn besit fan in Fryske bibel te wêzen.

Ut de ynterviews wurdt fierder wol dúdlik dat de respondinten it Frysk op mear maatskiplike domeinen brûke as eartiids. Dit jildt benammen foar it brûken fan it Frysk yn kontakt mei de skoalmaster of juf fan de eigen bern. De measte respondinten jouwe oan sels op de basisskoalle gjin Frysk mei de master en juf praat te hawwen.

Sosjale media

De sosjale media binne in relatyf nij ferskynsel dat sûnt it begjin fan dizze iuw sterk yn opkomst is. Foar it brûken fan it Frysk op sosjale media kin gjin ferliking makke wurde mei de foargeande surveys. Foar dizze rapportaazje wurdt folstien mei in koarte beskriuwing fan de útkomsten yn tabel 6.6. De respondinten is frege oft sy aktyf binne op WhatsApp, e-mail, Facebook en Twitter.

Tabel 6.6: Sosjale Media (yn %)

		Sosjale media			
		<i>WhatsApp</i>	<i>e-mail</i>	<i>Facebook</i>	<i>Twitter</i>
	% aktyf	84	97	51	13
		Wolris/Faak	Wolris/Faak	Wolris/Faak	Wolris/Faak
Taal	<i>Frysk</i>	66/26	55/14	56/18	41/9
	<i>Nederlânsk</i>	99/90	99/94	99/90	97/88
	<i>Stellingwerfsk</i>	2/1	2/1	2/0	2/1
	<i>Biltsk</i>	2/0	1/0	2/0	1/0
	<i>oars</i>	35/7	37/8	37/9	35/10

It docht bliken dat de respondinten massaal oanwêzich binne op de measte sosjale media (sjoch rigel 3). Fansels jildt dit net foar elkenien, mar it tal respondinten dat oanjout WhatsApp of e-mail te brûken, is grutter as 80 prosint. Facebook wurdt troch de helte fan de respondinten brûkt en Twitter inkeld troch 13 prosint. De taal dy't it meast brûkt wurdt op sosjale media is it Nederlânsk (sjoch rigel 6) en Stellingwerfsk (rigel 7) en Biltsk (rigel 8) wurde it minst brûkt. Ek is frege nei de frekwinsje fan it brûken fan de ferskate talen. Hjir wurdt in ûnderskied makke tusken "Wolris" en "Faak". Ek hjir is dúdlik te sjen dat it Nederlânsk it meast brûkt wurdt, sjoch bygelyks it brûken yn e-mails (kolom 4). 99 prosint fan de respondinten jout oan it Nederlânsk te brûken in e-mails en 94 prosint jout oan it faak te brûken. Opfallend is ek dat it Frysk in protte brûkt wurdt op de sosjale media. Hoewol leger as it Nederlânsk, kin

dúdlík konkludearre wurde dat it Frysk (sjoch rigel 5) substansjeel brûkt wurdt. 26 prosint fan de respondinten jout oan it Frysk faak te brûken op WhatsApp. Foar e-mail (kolom 4) en Facebook (kolom 5) is dit 14 en 18 prosint.

Ut de ynterviews wurdt dúdlík dat de measte respondinten in sterk ûnderskied meitsje tusken it brûken foar privee en wurk. Foar it privee brûken jildt dat folle mear Frysk brûkt wurdt en dan benammen yn kontakt mei oare Frysktaligen. Foar wurk is it brûken fan bygelyks e-mail en WhatsApp meastal yn it Nederlânsk. Foar benammen it privee brûken fan e-mail jildt dat de respondinten oanjouwe te min skriuwfeardich te wêzen om gruttere stikken tekst te skriuwen. Ek yn kontakt mei oare Frysktaligen wurdt yn dat gefal keazen foar it Nederlânsk. Foar it privee brûken fan WhatsApp is de situaasje oars. Lykas de jongerein yn eardere ûndersiken nei sosjale media (Jongbloed, 2015) jouwe de respondinten oan it Frysk op te skriuwen sa as sy it útsprekke.

H7: Taalhâlding

Yn dit haadstik wurde in stikmannich aspekten fan de hâlding foar it Frysk oer behannele. It giet hjirby om mienings en útspraken dy't mei it Frysk en it brûken fan it Frysk te krijen hawwe. Spitigernôch kinne net alle aspekten oer alle surveys ferlike wurde fanwegen de beheining op it tal fragen yn de ynternetfragelist. As it mooglik is, sil in ferliking makke wurde mei de oare surveys, foar de rêst is de fokus mear rjochte op de miening fan de Frysktaligen út de ynterviews.

Foarôfgeand oan de presintaasje fan de útkomsten moatte noch twa saken oan de oarder steld wurde. It earste is dat de warskôging dy't jûn wurde moat tsjin absolute ynterpretaasjes fan 'losse' útspraken. Yn it befreegjen fan Taalhâldingen wurde de fragen wolris wat krêftiger delset om te folle nuansearring foar te kommen. It twadde punt draait om de taalkontekst fan it Frysk yn 2016 dy't op tal fan mêden oars is as de lêste survey yn 1994. Lykas oanjûn yn haadstik 2 is de formele posysje fan it Frysk yn Fryslân no gelyk oan dy fan it Nederlânsk.

Algemien

De fraach oft it Frysk in echte taal is, lykas it Nederlânsk, is yn dizze survey wat efterhelle troch de offisjele erkenning fan it Frysk as twadde Rykstaal yn 2014. Hast alle respondinten dy't ynterviewd waarden wiene ek fan miening dat it Frysk in echte taal is, sjoch tabel 7.1 (kolom 7). Hoewol't dy útkomst net direkt ferlykber is mei foargeande surveys, is it wol dúdlik dat ûnder de Frysktaligen dit punt gjin diskusje mear opropt. Deselde respondinten is ek frege wêrom oft sy tinke dat it Frysk in echte taal is. Rûchwei kinne de antwurden yndield wurde yn trije ferskate haadkategoryen. De earste kategory draait om de skiednis fan de taal dy't neffens guon respondinten "âlder is as it Nederlânsk" en in "aparte oarsprong" hat "tegearre mei it Ingelsk". De twadde haadkategory draait om saken as de eigen grammatika, wurdskat en idioom dy't typearjend foar it Frysk binne. Ta beslút, de lêste haadkategory is relatyf nij, want in grut tal respondinten neamt de offisjele erkenning fan it Frysk as twadde Rykstaal as it bewiis dat it Frysk ek in echte taal is. Yn dit gefal wurdt opfallend faak antwurde "omdat it sa is" op de fraach "Wêrom is Frysk neffens jo in echte taal".

Tabel 7.1: Frysk as taal (% iens)

	Survey				Ynterview
	1967	1980	1994	2016	2017*
Frysk echte taal	85	81	86	-	99
Ynwenners/nijkommers Frysk learen/behearskjen	46	35	25	35	
Ynwenners/ nijkommers Frysk ferstean	-	-	-	-	84
Ynwenners/ nijkommers Frysk praten	-	-	-	-	10

* Allinnich Frysktaligen

In sintrale fraach yn de foargeande surveys wie oft ynwenners fan Fryslân of persoanen dy't yn Fryslân komme te wenjen, it Frysk behearskje moatte. Hoewol't it persintaazje fan respondinten fan 1967 (kolom 2, regel 4) ôf tebekrint, is foar 2016 in tanimming te sjen ta it nivo fan 1980 (i.e. 35 prosint). Dy fraach draait allinnich om it Frysk "behearskjen" en "learen", mar docht gjin útspraak oer yn hoefier oft ien it behearskje moatte soe. Dy beheining is ûnderfongen yn it ynterview dêr't eksplisyt in ûnderskied makke wurdt tusken "ferstean" en "praten". Yn tabel 7.1 (kolom 7) is op te meitsje dat de Frysktaligen in dúdlik ûnderskiedt meitsje tusken beide feardichheden. Hoewol 84 prosint fan de Frysktaligen fynt dat ynwenners fan Fryslân it Frysk ferstean moatte kinne, fynt inkeld 10 prosint dat sy Frysk ek prate moatte kinne. Dy útkomst jout in nuansearring dy't mei de oarspronklike fraach net mooglik is.

Selsbeskôging

Yn de ynternetfragelist is in stikmannich fragen steld oer de selsbeskôging fan de respondinten oer harren "Frysk wêzen". Yn de ynterviews wie romte om troch te freegjen nei de gefoelens en ûnderfinings fan de Frysktaligen oangeande it Frysk en Fryslân. Under oaren is de respondinten frege hoe't sy harsels beskôgje, ta hokker taalgroep oft sy harsels rekkenje en wat neffens harren typearjend is foar Fryslân. De útkomsten hjirfan wurde jûn yn tabel 7.2 en 7.3.

Ut tabel 7.2 falt op te meitsjen dat hast de folsleine groep Frysktaligen harsels beskôget as Fries, itjinge ek fanselsprekkend liket. Opfallend is dat fan de respondinten dy't de ynternetfragelist ynfolle hawwe ek in grutte groep harsels as in Fries beskôget (78 prosint, kolom 4). Wat fierder opfalt, is de taalgroep dêr't ien him of harsels rekkenet. In substansjele groep rekkenet himsels/ harsels ta beide taalgroepen. Foar de fragelist groep is dit sawat ien op twa. Ut dy persintaazjes falt op te meitsjen dat de Fryske taal net de iennige drager is fan de Fryske identiteit, yn tsjinstelling ta wat ien yn earste ynstânsje tinke kinne soe. Twataligens liket yn dit gefal op syn minst in lykwaardige komponint.

Tabel 7.2: Frysk en identiteit (% iens)

	Ynterview*	Fragelist
	% iens	% iens
Beskôgje jo josels as in Fries?	97	78
Taalgroep		
Frysktaligen	52	32
Nederlânsktaligen	6	22
Beide	39	45
Oars	4	1

* Allinnich Frysktaligen

De betsjutting fan Fryslân en it Frysk is neifrege mei de fragen "Wêr tinke jo as earste oan as jo oan Fryslân tinke?" (ynterview) en "As jo oan Fryslân tinke, wêr tinke jo dan oan?" (fragelist). Wat it Frysk wêzen betsjut is allinnich neifrege yn de fragelist mei de fraach "Wat betsjut foar jo de útspraak: Ik fiel my Frysk". Al dy fragen binne foarsjen fan in stikmannich foarôf kodearre antwurden. In respondint kin in

ôfwikend antwurd jaan mei help fan de antwurdkategory “Oars” en dêrnei syn/har eigen antwurd jaan (ynterview) of yntype (fragelist). Dy losse antwurden wurde allegearre troch de ûndersiker besjoen en op 'e nij kodearre nei oanfoljende kategoryen. Op it momint fan it skriuwen fan dizze rapportaasje is dit proses noch net folslein en wurdt folstien mei de foarôf kodearre antwurden. Derby wurdt kwalitatyf oanjûn wat de tendinzen yn de oanfoljende antwurden binne. De útkomsten fan dy fragen wurde jûn yn tabel 7.3.

Tabel 7.3: Fryslân (% iens)

	Ynterview*	Fragelist
	% iens	% iens
Fryslân		
It Lânskip/ It Waad	47	80
Famylje en freonen	1	49
De Fryske taal	9	67
De Fryske sporten, lykas keatsen en skûtsjesilen	-	41
De Fryske kultuer, muzyk en literatuer	-	-
Oars	43	13
Ik fiel my Frysk		
Yn Fryslân wennet		31
Frysk praat		46
Yn Fryslân berne is		41
Fan Fryske komôf		54
Wit net		2
Oars		15

* Allinnich Frysktaligen

Ut it boppeste part fan tabel 7.3 falt op te meitsjen dat de Fryske taal net it earste is wannear't de respondinten oan Fryslân tinke. It grutte ferskil tusken it ynterview en de fragelist is foar in part it gefolch fan de wize hoe't de fraach steld is. Foar it ynterview jildt dat it antwurd spontaan jûn wurde moat en dernei troch de ynterviewer op in foarôf kodearre kategory oantekene wurdt. By de fragelist sjogge de respondinten dy kategoryen op it skerm. Hjirtroch ûntstiet in saneamd “priming” effekt. It antwurd is yn dat gefal net spontaan om't de respondinten tiid nimme (kinne) om alle antwurdkategoryen apart te evaluearjen. Opfallend is wol dat, spontaan of net, it Fryske lânskip en it Waad fan grutte betsjutting binne foar beide groepen respondinten. Sintrale tema's út de “Oars” kategory binne, ûnder oaren, “De Fryske flagge”, “Aaisykjen”, “Bertegrûn/ Berteplak” en “Thús”.

It ûnderste part fan tabel 7.3 draait om de fraach wat de útspraak “Ik fiel my Frysk” foar in respondint betsjut. De respondinten koene foar dy fraach meardere antwurdkategoryen kieze. De meast keazen antwurdkategory by dy fraach wie dat ien “fan Fryske komôf” is. Hoewol't in soad respondinten ek foar it

“Frysk praten” kieze kin ien net sizze dat it gefoel om “Frysk te wêzen” útslutend te krijen hat mei it Frysk praten. Ek it feit dat ien yn Fryslân berne is spilet hjir in wichtige rol by.

Yn de ynterviews is ek in stikmannich oare aspekten fan de Fryske (taal)identiteit neifrege. As earste is dat de fraach oft Fryslân ôfskieden wurde moat fan de rêst fan Nederlân. 96 prosint fan de respondinten reagearret negatyf op dy suggestje. Foar fierwei de measte respondinten giet dy suggestje te fier en sy sjogge dit net as in realistysk senario foar de takomst. Ut inkelde nuansearre reaksje docht wol bliken dat in lytse subgroep wol mear te sizzen hat oer de eigen regio. De fraach nei “it eigen” fan de Fryske identiteit is ek op in yndirekte manier benadere mei de fraach “Fielt it fertroud foar jo as jo Friezen tsjinkomme yn it bûtenlân?” dy ‘t troch 92 prosint fan de respondinten posityf beändere wurdt. Opfolgjend wurdt de fraach steld oft dit ek jildt foar Nederlanners, dy’t troch 78 prosint fan de respondinten posityf beändere wurdt. Hoewol leger as 92 prosint, kin dochs konkludearre wurde dat der gjin sprake is fan in negative striid tusken de taalgroepen.

Ta beslút is de respondinten yn it ynterview in kasus foarlein. Hjirby giet it om in iepenbiere gearkomste dêr’t in sprekker in ferhaal yn it Frysk hâldt. Ien út it publyk jout oan it Frysk net ferstean te kinnen en freget oft de sprekker it ferhaal ek yn it Nederlânsk dwaan kin. De fraach oan de respondint is wat hy/sy tinkt dat de sprekker yn sa’n situaasje dwaan moat. 32 prosint fan de respondinten fynt dat de sprekker trochgean moat yn it Frysk, en 38 prosint fynt dat de sprekker trochgean moat yn it Nederlânsk. In grutte groep (30 prosint) jout in nuansearre antwurd dat beide kanten útgean kin. Ek hjir liket de fatsoensnoarm in grutte rol te spyljen. It belang fan it Frysk praten wurdt troch de measte respondinten beskôge as minder wichtich as it útsluten fan oaren dy’t it net ferstean kinne. Dit soarte fragen en antwurden jout dúdlik oan dat Frysktaligen yn it algemien gjin muoite hawwe om har oan te passen oan oaren dy’t it Frysk net behearskje.

Underfinings mei it Frysk

Yn it ynterview is koart neifrege wat de ûnderfinings fan de respondinten binne mei it Frysk praten. Op de fraach oft ien ea ferfelend bejegene waard om’t hy/sy Frysk prate, of “hiene jo it gefoel dat der op jo delsjoen waard?” waard troch 30 prosint fan de respondinten posityf antwurde. In earste ynventarisasje fan de antwurden op de fraach oft ien “dêr mear oer fertelle koe” jout oan dat de measte ferfelende situaasjes draaie om pleagerijkes, opmerkings oer it aksint en net frege mienings oer it Frysk. Fan it grutste part fan dy ferfelende ûnderfinings wurdt rapportearre dat dy plakfûn hawwe bûten Fryslân en yn kontakt mei net-Friezen. Hoewol’t it yn mear as 90 prosint fan de gefallen giet om relatyf ûnskuldige saken, is yn 2-3 prosint fan de gefallen wol sprake fan swierdere saken lykas bedriging en útskellen.

Yn it ynterview is ek frege oft ien “him/har beswierre fielt om Frysk te praten as der Nederlânsktaligen by binne?”. 60 prosint fan de respondinten jout oan dat dit it gefal is. As neifrege wurdt wêrom oft dit wol of net sa is wurdt dúdlik dat it yn fierwei de measte gefallen giet om in fatsoenskwestje. It Frysk praten yn bywêzen fan net-Frysktaligen dy’t it faaks net ferstean kinne wurdt troch de measte respondinten as net winsklik beskôge. In diametraal oare miening wurdt jûn troch in lyts groepke respondinten dy’t

rapportearje harsels hast nea te ferbrekken en gjin achting te hawwe foar it feit oft ien it Frysk wol of net ferstean kin. Yn earste opsicht liket it derop dat dit groepke benammen bestiet út respondinten dy't geandewei it libben mear affiniteit krigen hawwe mei it Frysk en mear bewust binne fan it Frysk wêzen.

Omrop Fryslân

Lykas yn de foargeande surveys is de respondinten frege nei harren gedachten oer it Frysk op Omrop Fryslân en binne inkelde fragen opnommen yn de ynternetfragelist. 73 prosint fan de respondinten jout oan minimaal inkelde kearen yn 'e moanne nei omrop Fryslân te sjen of te harkjen. 38 prosint jout oan deistich nei Omrop Fryslân te sjen of te harkjen en 28 prosint selden of nea. Op de fraach wat de fiertaal op Omrop Fryslân wêze moatte soe preferearret 87 prosint "hielendal" of "foar it grutste part" Frysk. Dit is ûngefear like heech as yn 1994 doe't noch ûnderskied makke waard tusken radio en telefyzje. Op basis fan dy útkomsten soe sein wurde kinne dat Omrop Fryslân in stabyl elemint is yn de Fryske mienskip. Om't it Frysk op Omrop Fryslân wol gauris ûnderwerp fan petear wêze kin, is by de respondinten neifrege wat sy tinke fan it Frysk op Omrop Fryslân. Fan de respondinten beoardielet 39 prosint it Frysk as "Goed", 43 prosint as "gewoan", 14 prosint as "oerdreaun" en 5 prosint as "ferkeard".

H8 Konklúzjes

De útkomsten fan de fjirde taalsosjologyske survey “Taal yn Fryslân, de folgjende generaasje” jouwe oan, dat de behearsking en it brûken fan it Frysk yn Fryslân op tal fan mêden sûnt 1967 tebekrint. Dy ûntjouwing fynt plak yn in maatskiplike kontekst dêr’t, yn offisjele en iepenbiere domeinen, it brûken fan it Frysk hieltyd mear fanselssprekkend is. Dy maatskiplike kontekst is de ôfrûne desennia yngripend feroare yn it neidiel fan it Frysk. It ferlies fan it relative isolemint, de regionale migraasje en de tanommen drok fan it Nederlânsk fia de media op bygelyks jonge bern soargje foar in taalsituaasje dy’t neidielich útpakt foar it Frysk. Sjoen de útkomsten fan dizze taalsosjologyske survey hat dit skynber noch gjin desastreus gefolgen hân foar it Frysk en hat it Frysk noch in wichtich plak yn it deistich libben yn Fryslân. De oanhâlden oandacht foar it Frysk troch, ûnder oaren belangegroepen en de Provinsje Fryslân, hawwe hjir faaks in positive ynfloed hân.

Ut in earste ferliking mei foargeande surveys kin op haadlinen in stikmannich tendinzen opmakke wurde foar de survey út 2016. Ek wannear’t behoedsum omgien wurdt mei de útkomsten fan de fragelist, kin mei help fan de útkomsten fan de ynterviews foar alle taalaspecten in stikmannich foarsichtige konklúzjes lutsen wurde:

Taaleftergrûn

Nei ferwachting rint it tal respondinten mei in Frysktalige eftergrûn tebek. Yn surveys út 1969, 1984 en 1994 wie it oandiel húshâldens mei Frysk as thústaal mear dan 50 prosint. Yn 2016 is dit persintaazje ûnder de 50 prosint sakke. Wat fierder opfalt is dat yn 2016 de meartalichheid de noarm liket te wêze. Hast de helte fan de respondinten jout oan harsels ta beide beide taalgroepen te rekkenje yn stee fan de Fryske of de Nederlânske.

Taalbehearsking

It is dúdlik dat de behearsking fan it Frysk ûnder de ynwenners fan Fryslân sûnt 1967 tebekrint. Dit jildt benammen foar it Frysk praten en minder foar it ferstean. It skriuwen fan it Frysk is hjir in opfallende útsûndering: it tal minsken dat rapportearret it Frysk skriuwe te kinnen nimt ta yn de rin fan de tiid. Fansels is hjir wierskynlik gjin sprake fan in echte tanimming fan de skriuwfeardigens, mar fan in feroaring yn de selspersepsje dy’t gearhinget mei de tiid en taalgedrach. Fan âlds is it Frysk in sprutsen taal en wie foar de ynwenners fan Fryslân gjin needsaak om Frysk skriuwe te learen. Mei de opkomst fan de digitalisearring en de sosjale media is de rol fan it Frysk skriuwen hieltyd mear ferskood rjochting it praten, lykas yn digitale kommunikaasjemiddels as WhatsApp en SMS. Hoe mear en hoe faker oft ien Fryske WhatsAppkes en SMSkes stjoert, hoe makliker oft it wurdt. Dat wol fansels net sizze dat der neffens de Fryske noarm skreaun wurdt. It skriuwen neffens de noarm, lykas gewoanwei yn brieven en e-mails, bliuwt ek yn dizze survey beheind.

Taalgedrach

De útkomsten op it mêd fan Taalgedrach litte sjen dat it brûken fan it Frysk as thústaal sûnt 1967 tebekrint en it brûken fan it Nederlânsk ta nimt. Dit jildt ek foar de taal dy’t troch de respondinten thús

tsjin de bern praat wurdt. It Frysk hat hjir dúdlik syn posysje ferlern. Yn it ljocht fan de demografyske ûntjouwings, lykas mear ymport fan Nederlânsktaligen en hieltyd mear bern dy't opfieden wurde yn in meartalige húshâlding, kin dy tendins ek ferwachte wurde. In nijsgjirrige útkomst is fierder dat mear as 90 prosint fan de respondinten oanjout dat de bern dêr't Frysk tsjin praat wurdt, it Frysk ek weromprate. Dit is yn tsjinspraak mei earder ûndersyk (Driessen, 2016) dêr't út bliken die dat dit in punt fan soarch wie.

Taalhâlding

Ut útkomsten op it mêd fan de taalhâlding falt op te meitsjen dat likernôch alle (net-)Frysktaligen fine dat Frysk in echte taal is en dat it Frysk yn alle iepenbiere en offisjele domeinen brûkt wurde kin. It feit dat in grutte groep respondinten himsels rekkenet ta beide taalgroepen jout oan dat der net praat wurde kin fan in striid tusken de Frysktaligen en Nederlânsktaligen. Dit skimeret ek troch yn de útkomsten op it mêd fan de taalhâlding. In grutte mearheid fan de Frysktalige respondinten jout oan net negatyf te stean tsjin it Nederlânsk en Nederlân oer. Dy mearheid sjocht bygelyks neat yn it ôfskieden fan Fryslân fan de rêst fan Nederlân. Boppedat liket fatsoen yn de omgong mei taal de noarm te wêze. Foar in grutte groep Frysktalige respondinten blykt it dreech te wêzen om troch te gean yn it Frysk wannear't guon minsken it net ferstean kinne. It foarkommen fan útsluting fan petearpartners liket wichtiger te wêzen as it brûken fan it Frysk. Ta beslút kin faaks konkludearre wurde dat ynwenners fan Fryslân yn de rin fan de tiid minder Fryksinnich en mear meartalich wurde.

Literatuer

Driessen, G. (2016)

Een toekomst voor het Fries? Fiif foar tolve! Presintaasje BMD Frysk 10 juny 2016: Leeuwarden

Gorter, D., Jelsma G.H., van der Plank, P.H. en De Vos, K. (1984)

Taal yn Fryslân. Ljouwert: Fryske Akademy.

Gorter, D. En Jonkman, R.J. (1995)

Taal yn Fryslân, op 'e nij besjoen. Ljouwert: Fryske Akademy.

Jongbloed, L. (2015)

Friezen op sosjale media. Ljouwert: Fryske Akademy

Oosterloo, A. (2004)

Blauwdruk 'Taalpakket foar it Frysk'. <http://studiof.nl/>

Pietersen, L. (1969)

De Friezen en hun taal. Drachten: Laverman.

Provinsje Fryslân (2007)

De Fryske Taalatlas. Ljouwert: Provinsje Fryslân

Provinsje Fryslân (2011)

De Fryske Taalatlas. Ljouwert: Provinsje Fryslân

Provinsje Fryslân (2015)

De Fryske Taalatlas. Ljouwert: Provinsje Fryslân